

Janna van der Velde is ambassadeur yn Algerije

“Eins moat ik in bytsje twifelje. Kin ik dit wol?”

Troch Rozemarijn Strubbe

Janna groeide op oan’ e Walperterwei yn Wommels (1968-1986) as dochter fan Tjitse van der Velde en Sietske Zijlstra. Al gau wist sy dat it ûnbekende luts en dat sy foar har wurk de wrâld yn woe. Altyd op syk nei in folgjende útdaging. No is Janna al mear as in jier ambassadeur yn Algerije.

It like Janna eartiids noch in ûnfoarstelbere gedachte om ambassadeur te wurden: “It ambassadeurskip stie altyd fier fan minsken ôf, mar de lêste jierren is it belied feroare en trede ambassadeurs mear nei bûten ta. Op dizze wize krije minsken in better idee fan wat sy dogge.”

Foar har ambassadeurskip hat Janna al in soad ûnderfining opdien yn it bûtenlân. Sy hat al wurke en wenne yn Ruslân, Servië en België. Fuort nei har stúdzje Slavyske talen giet sy nei Moskou ta om de Russyske taal better

praten te learen. Dêr komt se yn’ e kunde mei Dzjanger, har man. Se fynt in baan by de ambassade. “It like my altyd al moai om tolk te wurden, mar doe’t ik dat sa no en dan ek foar de Ambassade dwaan moast, fûn ik dat ik as tolk te folle mysels útskeakelje moast. Bist in soart fan butler dy’t in tsjinst ferlient, mar as persoan eins net opmurken wurde mei. Ik hie ferlet fan in plak wêr’t ik myn ideeën kwyt koe. Ynfloed útoefenje koe op hoe’t de saken rinne. Dy útdaging fûn ik by Bûtenlânske Saken.”

Fertsjintwurdiger fan Nederlân

Nei ferskillende oare funksjes krige Janna yn 2020 de kâns om ambassadeur te wurden. Janna: “As ambassadeur bist de fertsjintwurdiger fan de Nederlânske



regearing. It belied yn Den Haach bepaalt de kaders en op basis fan in mienskiplike mearjierrestrategy mei tema's en doelen kinne wy sels bepale hoe't wy de útfiering dogge." It is in breed pakket oan tema's wêr't Janna's team mei oan'e slach moat: ûnder oare ekonomy, lânbou, migraasje, feiligens, frouwen, jongerein. Janna: "It byld dat ik ha fan it lân nei ien jier is dat der dingen feroarje moatte. Der is in ekonomyske krisis mei in soad wurkleazens en earmoed. It sosjalistyske systeem soarget derfoar dat de basisbehoeften goedkeap binne, mar dat is in djoer en net duorsum systeem. Der is in enoarme befolkingsgroei fan 1 miljoen yn it jier. Twa tredde fan'e befolking bestiet út jonge minsken. Foar harren binne der te min kânsen om te ûndernimmen, polityk aktyf te wêzen, of in eigen hûs te finen." Wat is dan in typysk Nederlânske kwaliteit dy't jimme oerdrage kinne? Janna: "Wy binne yn Nederlân hiel goed yn it betinken fan pragmatyske oplossings, bygelyks yn'e lânbou. Wy komme echt mei saken wêr't de minsken hjir wat oan hawwe."

“Wy binne yn Nederlân hiel goed yn it betinken fan pragmatyske oplossings”

Nij lân, nije taal

Algerije wie foar Janna in nij lân wêr't sy noch net in soad oer wist. As tarieding liende Janna Algerjyske literatuer by de biblioteek yn Den Haach. "Dat jout dy in soad ynsicht yn wat der spilet yn in maatskippij. Hoe't dingen har oarsprong fine." Janna lêst noch alle dagen boeken fan Algerjyske skriuwers, mar no yn it Frânsk, want yn Algerije prate se Frânsk. "Dy taal ha ik wol op skoalle hân, mar ik hie noch net wurke yn it Frânsk. Ik bin wol betûft om my út te drukken yn in oare taal, mar it is dochs wol spannend asto by ministers op besite giest." Derneist lêst Janna seis lokale kranten: "Sa lear ik oer krityske mieningen, mar ek oer de leafde foar it lân."

Janna is in opfallende ferskinning yn Algerije mei har koarte grize hier en sy hat al gau kontakt mei de lokale befolking. "Minsken binne hjir hiel iepen. Elkenien groetet elkoar. Dat wie ik wol wend yn Wommels of op Hinnaard, mar yn de rest fan Nederlân is dat folle minder. Hjir sjogge de minsken ek mear nei elkoar om. As it libben swierder is, helpe minsken elkoar. As je it goed hawwe ferlieze je dat makliker út it each."

Lichte spanning motivearret

Janna kiest altyd foar de útdaging. "Ik moat leare en groeie kinne yn in nije funksje. Eins moat ik in bytsje twifelje. Kin ik dit wol? As ik plan-út 'ja' sizze kin,



dan wol ik it eins net. Ik moat in lichte spanning fiele. Dat motivearret my. In nije opdracht, in nij perspektyf.” De rol fan ambassadeur is foar Janna ek nij: “Myn styl fan lieden is frij plat, net hiërgysk. No wurkje ik yn in multikultureel team mei in topdown struktuer. Dêr moat ik myn wei yn fine. Derneist is Janna yn har rol as ambassadeur folle sichtberder. “Ik moat no echt nei bûten ta, by minsken op besite, mei posts op sosjale media. It is publyksdiplomasy. Wat wy belangryk fine sette wy yn it spotlight en dat wurket.

Sa hiene wy in kear 21.000 likes op in berjocht op Facebook dat wy foar in saaklike reis mei de trein nei Oram wiene yn stee fan mei it fleantúch, om sjen te litten dat it ek grien kin. Ik wie doe eins efkes ferneamd yn Algerije.”

Beheind libben

Janna har libben is wol mear beheind as ambassadeur: “Ik bin 24/7 ambassadeur, ek yn myn eigen hûs. Der stiet bewaking foar de doar. Ik kin wol selsstannich nei myn wurk ta rinne of tegearre mei myn man troch de stêd, mar as wy in dei nei it strân yn in oare provinsje ta wolle, moatte wy tastimming freegje en krije wy plysje-eskorte mei. Dat knypt soms en foar Koroana giene minsken dy’t by de ambassade wurkje gauris in wykein nei Frankryk of Spanje ta om der efkes tuskenút te kinnen, sûnder begelieding. No is dat net mear sa maklik.” Troch Koroana sjocht Janna har bern ek net in soad. “Ferline simmer hiene wy elkoar al in jier net sjoen. Mar dat leit net altyd oan ús hear. Doe’t ik yn novimber thús yn Den Haach wie, wie ús Sietske yn Moskou om foar trije moanne Russysk te learen.”

Folgjende útdaging

As ambassadeur bliuwt trije of fjouwer jier yn in lân. “Ast langer bliuwt kin it wêze datst it lân te folle besjochst út it lokale perspektyf wei. Dan bisto gjin fertsjintwurdiger fan Nederlân mear. ‘Going local’ neame se dat.” Wat Janna har folgjende plak wurdt, wit se no noch net. It is mar krekt wêr’t in funksje beskikber is. Mar Janna hâldt fan dy ûnwissichheid om net te witten wêr’t sy oer in pear jier telâne komt. “Tsjin dy tiid besjoch ik wat foar nije útdaging my moai ta liket.”

Op 15 novimber wie Janna te gast by De Balie yn it programma ‘Onze vrouw in Algerije’: <https://debalie.nl/programma/onze-vrouw-in-algerije-janna-van-der-velde-15-11-2021/>